



Feriening fan Fryske skriuwers, dichters, oersetters, publisisten en minsken dy't de Fryske skriuwerij tagedien binne.

e-mail: bestjoer@skriuwersboun.nl

ynternet: www.skriuwersboun.nl

NB! Meikoarten feroaret de offisjele namme yn 'Skriuwersbûn'. De digitale adressen wurde dan dêr by oanpast.

**Mear kar-út foar lêzers en harkers &
mear boeken en bondels yn it Frysk?**

**Dat fereasket in ridlike beleaning foar skriuw(st)ers
en mear promoasje!**

Dizze brosjuere fan it Skriuwersbûn giet oer:

- A. Te hantearjen tariven, dy't leden en opdrachtjouwers oanrikkemandearre wurde
- B. In fersyk oan de leden om yn ûnderhanneling mei útjouwers in minimum-eask te stellen kwa honorarium
- C. In plan om mear en regelmjittich boeken ferskine te litten foar in breder publyk, om sa it Frysk lêzen te stimulearjen; dat binne boeken en bondels dêr't de skriuw(st)er teffens in moai bonus-honorarium mei fertsjinnet fan € 5000.

De basistekst foar dizze brosjuere kaam ta stân yn in wurkgroep, besteande út Martsje de Jong, Hilda Talsma en Willem Verf. Oer de ynhâld is yn de maaitiid fan '22 wiidweidich diskussiearre mei leden, en alle leden hawwe de gelegenheid hân om mei ferbetteringen te kommen. In tal leden hat dat yndied dien, en de measte fan har suggestjes binne yn dit plan ferwurke.

Dit plan kin allinne mar útfierd wurde wannear't de Provinsje Fryslân en 'Boeken fan Fryslân'/Afûk meiwurkje. Yn it seizoen '22-'23 sil it bestjoer dêrom prikken yn it wurk sette om yn 'tripartite'-gearwurking ta in útdragen saak te kommen. Op ledegearkomsten sil ferslach dien wurde fan de foarderingsen.

A. Tariven

It Skriuwersbûn kin en wol syn leden neat oplizze. Mar wy trune wol oan op solidariteit. By it akseptearjen fan in opdracht of it yngean op in fersyk, rekommandearret it Skriuwersbûn de neifolgjende advystariven as ûndergrins:

- Optreden, lêzing, foardracht foar publyk yn in seal, oeretaryf € 100
- Idem foar radio of tv € 100
- Publikaasje fan in gedicht, koarte resinsje of kollum yn tydskrift of krante € 150
- Publikaasje fan in al earder publisearre gedicht of koarte tekst € 75
- Idem foar in skôging, essee, koart ferhaal, lange resinsje (\pm 1500 wurden) € 200
- Idem foar in fraachpetear (ynkl. tarieding) (\pm 2000 wurden) € 300.

Foar reiskosten advisearje wy dêr boppe-op € 0,23 de kilometer.

Foar de leden is dit in oanrikkemandaasje, mar ek foar de media. It Boun lit dit oersjoch ek takomme oan de Omrop, de kranten, de tydskriften mei it fersyk net minder as dizze bedragen te beteljen.

Kollega's dy't, bygelyks foar in optreden, minder freegje wolle, advisearje wy mei klam wol altyd minimaal € 100 + reiskosten te freegjen foar in optreden. Kollega's dy't mear freegje kinne en doare as wat wy advisearje, moatte dat fansels altyd dwaan.

Pleatslike kulturele organisaasjes kinne meast subsydzje krije fan de gemeente om in skriuw(st)er optrede te litten.

De tariven fan "de Schrijverscentrale" (foarhinne "Schrijvers, School en Samenleving"), lizze al aardich heger as dit minimum Wy rikkemandearje ús leden oan om har as dat kin oan te sluten by de "Schrijverscentrale".

Fan belang: skriuw(st)ers binne net BTW-plichtich. Sjoch hjirfoar: Vrijstellingen componisten, schrijvers, cartoonisten en journalisten (www.belastingdienst.nl).

B. Kontrakten foar publikaasjes

Wannear't in roman, ferhalebondel, gedichtebondel of non-fiksje wurk mei stipe fan de Provinsje útjûn wurdt, is de útjouwer ferplichte om te wurkjen mei it meast aktuele modelkontrakt sa't dat fêststeld is troch de fertsjinwurdigers fan de Nederlânske útjouwers en de 'Auteursbond'. It Skriuwersbûn wol dêrby, yn de kontrakten foar Frysktalich wurk, de bepaling standert opnommen hawwe dat by ferskinen de auteur in net werom te foarderjen foarskot op de royaltys krijt oerienkomstich 50% fan de oplage.¹⁾ It Skriuwersbûn sil him derfoar ynsette om mei de Provinsje ta de ôfspraak te kommen dat dizze bepaling struktureel opnaam wurdt yn de subsydzjebetingsten. Wy realisearje ús dat it provinsjaal subsydzje foar útjeften dan wat ferhege wurde moat, want útjouwers hawwe it no al dreech om net al te folle jild ta te lizzen op Fryske boeken. Leden fan it Skriuwersbûn wurdt lykwols mei klam oanrikkemandearre om fan no ôf de kontrakten net te tekenjen wannear't dizze bepaling ûntbrekt. Dan ûntstiet der urginsje.

¹⁾Yn it neamde standertkontrakt is hjirta in opsjoneel lid 5 by artikel 10 opnaam.

Ta yllustraasje: Wannear't fan in boek 500 eksimplaren oplein wurde en de ferkeappriis is fêststeld op € 20, en it persintaazje foar de auteur is fêststeld op de wenstige 10 % fan de ferkeappriis, dan krijt de auteur dus minimaal $250 \times €2 = € 500$ by ferskinen fan de útjouwer, en dat bedrach mei sy/hy hâlde, ek al wurdt der net in boek ferkocht.

Wêrom dizze bepaling? In útjouwer krijt de measte kosten foar in Frysk boek of bondel subsidiearre. Mei dêrby de kanttekening dy't hjirboppe makke is.

As de skriuw(st)er mar ôfwachtsje moat oft sy/hy nei ferrin fan tiid in bytsje jild krijt, stimulearret dat de skriuw(st)er net en sit der amper in oantrún oan foar de útjouwer om it boek aktyf te ferkeapjen.

Dêrom dit útstel. Foar de skriuw(st)er is in beleanning by ferskinen in moaie opstekker, finansjeel mar benammen moreel: in wurdearring foar de, foaral út idealisme levere, kreative prestaasje fan it skriuwen fan in Frysktalich boek.

Wy realisearje ús dat it foar guon moed kostje sil om hjir by harren útjouwer yndied op oan te stean. As meardere leden dit lykwols dogge, wurdt it gau realiteit.

C. Ekstra honorarium en pakkende promoasje foar regelmjittich te ferskinen boeken dy't de potinsje hawwe om in breder publyk oan te sprekken.

Taalbefoarding...

Dat mei foar skriuw(st)ers net foarop stean, mar in protte en in ferskaat oan beskikbere boeken is tagelyk wol fan belang foar it fuortbestean, it ûnderhâld en de ferbettering fan de kwaliteit fan de taal. Dêrom mei it boekskriuwen bêst royaal subsidiearre wurde troch in Provinsje dy't noed stiet foar it Frysk. Hjir komme it belang fan it provinsjaal belied om it Frysk te befoarderjen en it belang fan skriuw(st)ers by elkoar. In boek skriuwe is gjin keunstje, mar (in) keunst. Keunst mei lykwols ymplisyt of ekplisyt ek oare doelen tsjinje as de needsaak ta ekspresje fan de keunstner. En it skriuwen fan in boek of bondel hoecht dêrom gjin prestaaasje te wêzen dy't sûnder echte finansjele beleanning ferrjochte wurdt, lykas op dit stuit foar Frysktalige auteurs meastal de realiteit is. As dat sa bliuwt droeget de boarne yn de kommende desennia op.

Mar de Provinsje docht dochs al wat op dit mêd?

Jawis. Skriuwers, oersetters en útjouwers kinne no subsydze oanfreegje by de subsydzjeregeling kultuer en mienskip Fryslân en de dêrmei ferbûne bedragen binne op it stuit net ûnaardich. It is wichtich dat dizze subsydzjes goed bekend binne by en berikber binne foar de skriuwers/oersetters/dichters/útjouwers. Skriuwersbûn, Provinsje en Boeken fan Fryslân hawwe alle trije in ferantwurdlikheid om dit ûnder omtinken te bringen (en fansels Tresoar ek). Boppedat sille hja tegearre aard, omfang en doelmjittigens fan de ôfsûnderlike regelingen en fan it totale pakket regelmjittich evaluatearje moatte. Lykwols: de beleanning foar *benammen oarspronklik kreatyf wurk* is úteinlik foar de measte fan ús leden marzjinaal of negatyf.

Wat hjirby ek fan belang is: subsydze foar in ôfsûnderlike útjefte is gjin kollektive promoasje. Dêroer fierderop mear.

De unike prosysje fan de Fryske auteur

Sûnder goede boeken en ferhalen giet in taal stadich achterút. Der is amper skreaun Frysk njonken de literatuer. Boeken en bondels hawwe yn it Fryske taallânskip in unike funksje: auteurs wurkje yn de smidte fan de taal. Hoe hâlde wy de taal by de tiid en hoedze wy tagelyk har eigen karakter? Dat is de deistige útdaging foar elk dy't Frysk skriuwt of yn it Frysk oerset. Dat betsjut ymplisyt in bysûndere ferantwurdlikheid: meitsje boeken dy't Frysktaligen graach lêze wolle. Net allinne om't sokke lêzers wat hawwe mei goed ferhaal, boeiende karakters en yntrigrearjende tematyk, mar ek om't hja aardichheid hawwe oan aktueel, libben en geef Frysk. Oare persoanen skriuwe sokke boeken net – allinne Fryske skriuw(st)ers dogge dat.

Ferskaat is nedich om lêzers te berikken en fêst te hâlden

Dat der wat útjeften oanbelanget rekken hâlden wurdt mei (ferwachte) smaak fan en wurdearring troch lêzers is foar it Skriuwersbûn sadwaande okee. Wy moatte wiis wêze mei ús lêzers. Dat hâldt yn dat der ferskaat wêze moat: fan ferdivedearjend oant tige 'gelaagd'. No en dan in boek mei in flinke oplaach is in opstekker foar de komplette Fryske skriuwerij:

dy krijt dan in ympuls. Yn prinsipe jildt: Chicklits, thrillers, romantyk, humor, non-fiksje, fan Fryske grûn, poëzij, literêr, 'le art pour le art': alles is wolkom.

Fryske boeken en Fryske auteurs: mear promoasje!

Mear promoasje is needsaak, want: de Fryske boeken en Fryske skriuw(st)ers binne fierhinne ûnsichtber. Skriuw(st)ers wolle wurdearring. Ymmaterieel, mar ek materieel. Benammen wannear't jo yn potinsje skriuwe kinne foar in grutter publyk, moatte jo wol in super-idealist wêze om soks yn it Frysk te dwaan, wannear't it publyk der amper wat fan wit en der neat mei te fertsjinjen is. Of wannear't men te hearren krijt: "Wy wolle graach wat dwaan mei jo tekst, mar jo skriuwe fêst net foar it jild, dus dat kin sa wol? It is ek moaie publisiteit, dochs?" It moat echt oars, wolle der Fryske boeken ferskinen bliuwe.

It is saak de ôfsetmerk foar Fryske literatuer te ferbetterjen

Fansels hat elke skriuwer hjir sels ek in oandiel yn. Men moat foar har- of himsels opkomme. Mar it Skriuwersbûn sil op dit punt ek foar it kollektyf opkomme moatte, oars wurdt it iderkear wer in iensume striid. Mear en bettere kollektive promoasje. Dat is net maklik, mar ek net ûnmooglik. Boeken fan Fryslân docht wat mooglik is en besiket it ûnder oaren mei fernijde sutelaksjes en soks wurket lokaal prima. Dy aksjes binne lykwols beskieden fan omfang en net struktureel; allinne de doarpen dêr't ynsidinteele sutele wurdt, wurde berikt. Nei ús betinken is it saak om as BfF, Skriuwersboun en Provinsje om tafel sitten te gean en te bepraten hoe't wy de promoasje op in heger plan krije. Mear sutelaksjes, struktureel en op gruttere skaal binne nedich. Boekhannels en biblioteken moatte fasilitearre en stimulearre wurde om mear te dwaan foar it Fryske boek.

BfF moat rommer yn de middels komme

De promoasje-mooglikheden fan Boeken fan Fryslân binne op 't stuit beheind. Dat hinget gear mei minskkrêft en middels. Kwaliteit en profesjonaliteit kostet jild. Dit is in wichtich ûnderwerp foar it petear dêr't wy it hjirboppe oer hienen. Útwreiding en yntinsivearring fan it wurk fan 'Boeken Fan Fryslân', as ûnôfhinklike organisaasje, is neffens ús fan it grutste belang.

Wy begjinne graach oan dat petear mei in konkreet en posityf útstel. Dat is in kombinaasje fan twa ynfalshoeken:

- 1. Der moat in konstant oanbod fan nije Fryske boeken wêze dy't minsken graach lêze. Boeken dy't de potinsje hawwe om in breder publyk te berikken.**
- 2. Dat konstante oanbod fan boeken om te promoatsjen komt der allinne as de skriuw(st)ers in goede kâns meitsje op útjefte, wis binne fan in ridlike beleaning en har derfan fersekere witte dat harren boek ûnder de minsken komt. Men wol lêzen wurde!**

In konkreet plan!

Wy wolle ta op in minimum fan seis boeken yn in jier, dy't mei ekstra promoasje útbrocht wurde, en dêr't BfF in sintrale rol by spilet. **Dêrby giet it om boeken en bondels dy't de potinsje hawwe om in breed publyk oan te sprekken.**

De ferantwurdlikens foar en fan skriuw(st)er en útjouwer foar harren wurk bliuwt útgongspunt.

In basis-struktuer foar dit prosedee soe wêze kinne:

- Elts fearnsjier is der gelegenheid foar útjouwer en auteur tegearre om in manuskript foar in oarspronklike roman of bondel (of in oersetting út in oare taal as it Nederlânsk) yn de Fryske taal, foar anonime hifking, op te stjoeren oan BfF.
- De auteur moat dus earst in útjouwer fûn hawwe dy't har of syn wurk kwalitatyf treflik fynt, mei-ferantwurdlik is foar it opstjoeren en in kontrakt mei de auteur ôfsletten hat.
- Dit kontrakt mei net de klausule befetsje dat útjefte allinne folget by in positive reaksje fan BfF, of eat ferlykbers.
- Útjouwer en skriuw(st)er bringe it boek noch net op 'e merk, ek net digitaal, ek net yn in oare taal as it Frysk, oant hja de reaksje fan BfF op har wurk krigen hawwe.
- In útjouwer mei fan mear as ien auteur tagelyk manuskripten foar ekstra promoasje opstjoere nei BfF.
- BfF soarget derfoar dat de anonimiteit yn it heule proses garandearre is.
- BfF soarget derfoar dat dizze manuskripten anonym by in trijekoppige ûnôfhinklik wurkjende lêskommisje komme.
- Dy lêskommisje hantearret by it beoardieljen as kritearium: hat dit boek of dizze bondel de potinsje om in breed publyk oan te sprekken?
- Dy lêskommisje is in permanint orgaan, mar om de trije jier falt er in lid by wei dat ferfongen wurdt troch in kwa kompetinsjes ferlykber nij persoan.
- Fûstregel foar de gearstalling fan de kommisje: in lêzer, in boekferkeaper, in biblioteek meiwurker.
- BfF soarget foar in nij saakkundich lid fan de kommisje, wannear't dat nedich is. Hjirby wurdt sels de skyn fan belange-ferfrisseljen út de wei gien.
- Leden fan de lêskommisje kinne (as auteur, oersetter of útjouwer) sels gjin manuskripten ynstjoere.
- De kommisje krijt profesjonele administrative stipe, soks fersoarget BfF.
- De leden fan dizze kommisje krije in frijwilligersfergoeding foar harren wurk, op it nivo dat noch krekt frijsteld is fan belestingheffing.
- Hja wurkje ûnôfhinklik en prate en korrespondearje oer de manuskripten allinne mei elkoar.
- Elk boek dat de kommisje útkiest, wurdt mei in protte promoasje ûnder de minsken brocht troch BfF, op syn lêst in heal jier nei it útkiezen.
- De kommisje moat elts fearnsjier ien of twa (sjoch hjirûnder) manuskript(en) foar publikaasje selektearje. It is dus net mooglik om te besluten dat der gjin manuskript by wie mei temin potinsje.
- Yn it earste en it lêste fearnsjier ferskynt der ien selektearre boek, yn it twadde en tredde fearnsjier twa.

- Yn in jier ferskine der maksimaal fjouwer oarspronklike romans, minimaal trije. Fierder kin it, nei it oardiel fan de lêskommisje, gean om oersetse of oarspronklike berne- en jeugdboeken, in oersetse roman, in oarspronklike ferhalebondel of oarspronklike non-fiksje. Elts jier ferskynt der ien oarspronklike dichtbondel op basis fan dizze regeling. Mei oarspronklik wurdt hjir bedoeld: net earder publisearre wurk, yn it Frysk skreaun.
- De net-keazen manuskripten wurde weromstjoerd oan de útgjower dy't se ynstjoerde, mei in koart (1/3 A4) kommentaar fan de kommisje derby. In al dan net ferbettere manuskript mei eventueel in twadde kear ynstjoerd wurde, as it ynearsten net publisearre wurdt en de fertroulikens en anonimiteit bewarre bliuwe. Nei twa ôfwizings mei in manuskript net wer oanbean wurde.
- BfF ferlient de skriu(st)er by ferskiden in ekstra bonus-honorarium fan € 5000. Dit komt net yn it plak fan de normale betelling op basis fan it kontrakt tusken útgjower en skriuwer; sa'n kontrakt moat der gewoan wêze en neilibbe wurde.
- De skriu(st)er seit by it akseptearjen fan dat bedrach ta dat sy/hy nei fermogen meiwurkje sil oan promoasje-aktiviteiten dy't BfF by gelegenheid fan de útjefte organisearret.

It aktuele budzjet fan BfF is net grut genôch om dit te realisearjen. De struktuer fan de organisaasje sil boppedat oanpast wurde moatte. It Skriuwersbûn moat sa nedich in lobby starte om hjir feroaring yn te bringen. Mar alderearst komt it hjirboppe neamde oerlis mei Provinsje, BfF en Bûn. De Provinsje spilet in grutte rol: ekstra jild út har budzjet is foar dizze kollektive ynset needsaaklik. By de eventuele lobby moat it Bûn de stipe sykje fan leden, mar ek fan organisaasjes en persoanen dy't it Fryske skriuwen en lêzen tagedien binne. BfF sil hjirby teffens mear budzjet en dus mear posysje krije moatte om Fryske boeken (yn de Fryske boekwinkels, yn de biblioteken en dêrbûten), sichtber te krijen en te hâlden. Ús boeken fertsjinje yn de winkel en de byb in plak dêr't se sjoen en oanpriizge wurde. It is nedich dat en de tuskenhannel en de bibliotek-meiwurkers echt goed witte wat der te lêzen, te keap en út te lienen is. Skriu(st)ers en skriuwers en harren publikaasjes moatte sichtber wêze op billboards rûnom yn de provinsje, yn alle gefallen foar de seis promoasje-boeken. Dy boeken krije in werkenber logo en foarmje sa ûnderdiel fan in seary. It moat ek mooglik wêze om in abonnemint te nimmen op de promoasje-boeken: dan krijt men koarting, en wurdt beleane foar de leafde foar it lêzen en keapjen fan dizze Fryske boeken. De mooglikheden fan You-Tube en oare digitale kanalen wurde optimaal brûkt.

Dit alles is út soarte net allinne geunstich foar de seis promoasje-boeken. Want dy lûke ekstra oandacht foar de Fryske skriuwerij, en dêr profitearje oare skriuwers en útgjowers ek fan. Minsken, potinsjele lêzers, sille nijsgjirrich wurde en wolle mear sjen en ek oare boeken ferkenne.

Wat it Provinsjale belied oanbelanget pleitsje wy mei klam foar stabiliteit. De boppe-omskreaune wurkwize moat minstens tsien jier de tiid krije om har te bewizen. Minsken dy't har bêst dogge moatte de romte krije.